



> Retroadres

Oan de foarsitter fan de Twadde Keamer fan 'e Steaten-Generaal  
Postbus 20018  
2500 EA De Haach

**DG Iepenbier Bestjoer &  
Demokratyske Rjochtsteat**  
D&B  
Demokrasjy

Turfmarkt 147  
2511 DP De Haach

**Us referinsje**  
2024-0000423647

**Jo referinsje**

**Taheakke(n)**  
1

Datum 28 juni 2024  
Giet oer Beantwoording SO BFTK 2024-2028

Rju achte foarsitter fan de Twadde Keamer fan 'e Steaten-Generaal,

Mei dizze brief jou ik antwurd op de fragen dy't de leden fan de GroenLinks-PvdA-fraksje, VVD-fraksje, D66-fraksje, CDA-fraksje en SP-fraksje steld hawwe yn it skriftlik oerlis fan 25 april 2024. By de taheakke fan dit brief komt ek in Fryske oersetting.

Mei rju achting,

Mei út namme fan de minister foar Basis- en Fuortset Underwiis, de steatssekretaris Kultuer en Media en de minister foar Rjochtsbeskerming,

de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

Hugo de Jonge

## I Fragen en opmerkings út de fraksjes wei

### Frysk yn de rjochtspraak

**1. De leden fan de GroenLinks-PvdA-fraksje en de leden fan de D66-fraksje hawwe noed oer de efterútgong fan de posysje fan it Frysk yn de rjochtspraak. Dizze leden freegje de minister oft de situaasje fan it Frysk yn de rjochtspraak, 73 jier nei Kneppelfreed, net al lang oplost wêze moatten hie. Dielt de minister de opfetting dat it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtspraak op it stuit net genôch boarge is, sjoen it tal ynsidinten fan minsken dy't op 'e sitting net folslein fan dat rjocht gebrûk meitsje kinne? Sa ja, wat is hjir neffens de minister de oarsaak fan?**

**De leden fan de GroenLinks-PvdA-fraksje freegje wat de minister dwaan sil om by de yn de BFTK neamde petearen mei de Ried foar de Rjochtspraak derop oan te trunen dat it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtseal boarge wurdt?**

**Ek de leden fan de D66-fraksje freegje oft de minister ree is om by de yn de BFTK neamde petearen mei de Ried foar de Rjochtspraak derop oan te trunen dat sy soarch drage moatte foar it rjocht fan de Friezen om Frysk te praten, ek yn de rjochtspraak?**

De ynset fan it kabinet is om it brûken fan de Fryske taal yn de rjochtspraak te stimulearjen en te fasilitearjen. Ek de bestjoeren fan de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert fine it foar de tagonklikens en de kwaliteit fan de rjochtspleging wichtich dat de ynwenners fan de provinsje Fryslân yn harren provinsje gebrûk meitsje kinne fan harren wetlike rjocht om yn de Fryske taal prosedearje te kinnen.

It kabinet fynt it spitich as der ynsidinten plakfine en as prosesdielnimmers net folslein gebrûk yn meitsje kinne fan harren rjocht om op 'e mûnlige behanneling Frysk te praten. It kabinet krijt lykwols út de Rjochtspraak wei sinjalen dat by de ynsidinten dy't de media helje, geregeld de nuânse ûntbrekt. Hjirtroch docht de berjochtjouwing gjin rjocht oan de feitlike situaasje<sup>1</sup>. Mei sjoen op dizze sinjalen út de Rjochtspraak wei kin it kabinet op grûn fan dy ynsidinten net de konklúzje lûke dat it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtspraak op dit stuit net genôch boarge is. It is fansels wol de ynset om ynsidinten wêrby't prosesdielnimmers net folslein gebrûk meitsje kinne fan harren rjocht om Frysk te praten te ûndersykjen en foar te kommen.

Mei hjirom sjogge sawol it kabinet as de gerjochten nei mooglikheden om it Frysk yn it rjochtsferkear fierder te boargjen. Yn de ôfrûne perioade hawwe de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert yn dat ramt konkrete stappen set. Dêrby wurdt ferwiisd nei in oersjoch mei maatregels fan dy gerjochten, dat taheakke is oan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer

---

<sup>1</sup> De Rjochtspraak wiist ek op oare ynsidinten. Sa besleat it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert okkerdeis yn in strafsak dat it rjocht fan in fertochte om Frysk te praten swierder woech as it rjocht fan in advokate dy't it Frysk net behearsket, om alles ferstean te kinnen, [Fries zegeviert in hoger beroep bij gerechtshof \(waldnet.nl\)](#).

Datum

Us referinsje  
2024-0000423647

2024-2028<sup>2,3</sup>. Mei DINGtiid hawwe de gerjochten de ôfspraak makke dat in wurkgroep opsetten wurdt om te besjen oft en hoe't it praten fan it Frysk op 'e sitting fierder fasilitearre en/of ûnder de oandacht brocht wurde kin. Ek it kabinet ûndersiket yn gearspraak mei de gerjochten oft en sa ja, hokker fierdere maatregels nommen wurde kinne om it brûken fan it Frysk fierder te befoarderjen, ek mei it each op 'e útfiering fan de moasje fan de leden De Groot en Meulenkamp<sup>4</sup>.

It kabinet sil de Ried foar de Rjochtspraak nochris wize op it belang fan it rjocht om Frysk te sprekken. Ek de rjochtbank en it gerjochtshôf hawwe hjir omtinken foar. Sawol binnen de rjochtbank, lokaasje Ljouwert, as binnen it gerjochtshôf, lokaasje Ljouwert, is in ynterne aksje/wurkgroep opsetten dy't ta doel hat ûnderfinings te dielen en knyp punten op te lossen oangeande it brûken fan de Fryske taal op 'e sitting. It is úteinlik oan de yndividuele rjochter om de oarder op 'e sitting te bepalen. De rjochtbanken hawwe hjiryn gjin rol.

**2. De leden fan de GroenLinks-PvdA-fraksje freegje hoe't de minister de oannommen keamer moasje om konkrete maatregels te nimmen om it Frysk yn it rjochtsferkear yn Fryslân te befoarderjen, útfiere sil. Ek de leden fan de D66-fraksje freegje, as de petearen mei de Ried foar de Rjochtspraak net ta signifikante ferbetterings liede, hoe't de minister dan fan doel is om útfiering te jaan oan de moasje fan de leden Tjeerd de Groot en Meulenkamp oer konkrete maatregels om it Frysk yn it rjochtsferkear yn Fryslân te befoarderjen (Keamerstik 36410-VII, nr. 94)?**

It kabinet hat de útfiering fan de moasje yn 'e hân nommen. Yn oerlis mei de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert wurdt ûndersocht oft en sa ja, hokker maatregels nommen wurde kinne om it brûken fan it Frysk fierder te befoarderjen, yn oanfolling op de maatregels dy't dizze gerjochten al nommen hawwe en nimme sille. Dêrneist sil it kabinet yn neifolging fan de moasje ferkenne oft wet- en regeljouwing aktualisearre wurde moat om it Frysk yn it rjochtsferkear te befoarderjen, en op hokker wize Frysktalige saken sintrearre wurde kinne op de lokaasje Ljouwert. DINGtiid hat oanjûn dit ûnderwerp te belûken by de ferkenning nei it Frysk yn it rjocht, lykas beskreaun yn it wurkprogramma fan DINGtiid foar 2024/2025<sup>5</sup>. Dêroer wurdt jo Keamer nei ferwachting nei it simmerreses ynformearre oan de hân fan de tuskentiidske update fan it wurkprogramma 2024/2025. It kabinet sil dy ferkenning belûke by

<sup>2</sup> Keamerstikken 2023-2024, 36410-VII, nr. 107.

<sup>3</sup> De maatregels omfetsje ûnder mear it folgjende. Besikers fan de lokaasje Ljouwert fan de rjochtbank en it gerjochtshôf kinne fia de buorden oan de gevel en yn it gerjochtsgebou sawol yn it Nederlânsk as yn it Frysk kennis nimme fan de iepeningstiden, húsregels ensfh. Dêrneist wurde besikers fia ynformaasjeskermen yn de sintrale hal (fia *narrow casting*) sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk wolkom hjitten. Op dy skermen wurdt ûnder mear ynformaasje jûn oer it rjocht op it brûken fan it Frysk en wurde besikers oanmoedige/útnûge om harren foaral frij te fielen om op 'e sitting fan dat rjocht gebrûk te meitsjen. Yn oanfolling op dy maatregels organisearret it gerjochtshôf spesifyk foar strafsaken mei Frysksprekende fertochten hast alle moannen in sittingsdei mei Frysksprekende riedshearen en in Frysksprekende advokaat-generaal en griffier.

<sup>4</sup> Keamerstikken 2023-2024, 36410-VII, nr. 94.

<sup>5</sup> [https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/brieven\\_regering/detail?id=2023Z21013&did=2023D51608](https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/brieven_regering/detail?id=2023Z21013&did=2023D51608)

de útfiering fan de moasje. It stribjen is jo Keamer dêroer yn it neijier neier te ynformearjen.

Datum

**3. Foar de leden fan de SP-fraksje is de goede beskikberens en de mooglikheid om Frysk te praten fan grut belang. Resinte berjochtjouwing hjeroer dy't by harren binnenkommen is, jout de yndruk dat dit op it stuit noch net duorsum boarge is. Sa waard resint ek dúdlik dat by de rjochtbank yn Ljouwert in fertochte him net yn it Frysk ferdigenje mocht, mar dit yn it slotbetooch wol pas dwaan mocht, wylst in tolk Frysk yn de seal oanwêzich wie. Dat wylst der ek in moasje oannommen is dêr't it kabinet yn frege wurdt om dat wol te boargjen, nammentlik de moasje fan de leden Kwint en Van Nispen oer it garandearjen dat it sprekken fan de Fryske taal yn 'e rjochtbank boarge is (Keamerstik 36200-VII, nr. 136). Op hokker wize sil it kabinet derfoar soargje dat dizze moasje duorsum opfolge wurdt en de Fryske taal altyd in mooglikheid bliuwt yn 'e rjochtseal?**

Us referinsje  
2024-0000423647

It kabinet ferwiist nei de beântwurding fan fraach 1.

### **Soarchplicht foar it Frysk**

**4. De leden fan de GroenLinks-PvdA-fraksje en de leden fan de D66-fraksje hawwe in fraach oer it fierder útwurkjen fan de wetlike soarchplicht en ferantwurdlikens foar de Fryske taal en kultuer troch in kommisje (Keamerstik 36200-VII, nr. 128). Is de minister, sa freegje dizze leden, ree om sa gau as mooglik nei it ta stân kommen fan it advys, en yn alle gefallen foar 2025, de Keamer te ynformearjen oer de ferfolchstappen dy't nommen wurde sille ta fierdere útwurking fan de wetlike soarchplicht en ferantwurdlikens foar de Fryske taal en kultuer?**

DINGtiid is op dit stuit nei oanlieding fan de moasje Bevers en Van der Molen (keamerstik 36200-VII, nr. 132) dwaande mei it skriuwen fan in advys oer de gearstalling en ynfolling fan de lanlike kommisje Frysk. Yn oerlis mei DINGtiid is al oerienkommen dat it winsklik is om de lanlike kommisje bestean te litten út in fêste kearn en dêrneist út yndividuele ûnôfhinklike saakkundigen dy't, ôfhinklik fan it te besprekken ûnderwerp, útnûge wurde om diel te nimmen oan de kommisje.

Lykas earder oanjûn, liket it my by útstek in opjefte foar dizze lanlike kommisje om te ûndersykjen hoe't de wetlike soarchplicht en ferantwurdlikens foar de Fryske taal en kultuer fierder útwurke wurde kin. It advys fan DINGtiid oangeande de lanlike kommisje wurdt op it stuit ferwachte yn septimber 2024. Nei oanlieding fan dit advys sil de Twadde Keamer noch foar 2025 op 'e hichte brocht wurde oer de nedige ferfolchstappen.

## **Monitoaring fan it Frysk**

**5. De leden fan de VVD-fraksje ûnderstreekje it behâlden en stimulearjen fan de Fryske taal en de stelde doelstellings. Dêrom freegje dizze leden de minister ek oft yn de fuortgongsrapportaaazje stilstien wurde sil by de effekten fan de nije (en noch jildende) maatregels en de doelmjittigens en effektiviteit fan de maatregels. Hja bliuwe graach aktyf behelle yn de fuortgong fan de Bestjoersôfspraak.**

Datum

Us referinsje  
2024-0000423647

Dit kabinet ûnderskriuwt it belang fan in goede monitoaring fan de effekten fan de nije (en noch jildende) maatregels lykas fêstlein yn de BFTK 2024-2028. Lykwols stiet de fuortgongsrapportaaazje pland foar de simmer fan 2026. Dit sil nei ferwachting te koart dei wêze om echt mjitbere effekten fan de nommen maatregels waar te nimmen. Alderearst is der tiid nedich foar de ymplementaasje fan de maatregels. Sa is dit kabinet op it stuit dwaande mei ûnder oare it konvenant foar de Bachelor Frysk. Ek de Provinsje is drok dwaande mei it oanstellen fan de meartaligenskoardinatoaren. Ek nei ymplementaasje sil it nei ferwachting noch efkes duorje foardat in echt effekt mjitber is.

Dat betsjut fansels net dat Ryk en Provinsje yn tuskentiid net skerp monitoare sille op de útfiering fan de maatregels. Yn de BFTK 2024-2028 stiet opnommen dat de monitoaring fan dizze bestjoersôfspraak syn beslach krije sil oan de hân fan in twajierliks oerlis tusken Ryk en Provinsje. Ek DINGtiid sil hjirby rieplachte wurde. Yn dit oerlis sille de partijen de fuortgong fan de útfiering fan de ôfspraken beprate en (nei de fuortgongsrapportaaazje) ek it effekt fan dy ôfspraken op de fitaliteit fan it Frysk. Dêrby wurdt sjoen nei de njoggen pylders fan it taalfitaliteitsmodel fan UNESCO, lykas omskreaun yn haadstik 1 fan de BFTK. Foar sifers sil foarearst sjoen wurde nei de Fryske Taalatlas. Dizze taalatlus wurdt elke fjouwer jier útbrocht.

## **Europeesk Hânfêst**

**6. De leden fan de CDA-fraksje wolle graach oanstippe dat der resint in moasje oannommen is oer it feit dat Nederlân it Papiamintsk oanmeld hat foar diel III fan it Europeesk Hânfêst regionale talen, mei ûnderdielen dêr't it Frysk net foar oanmeld is. Yn dy moasje waard beargumintearre dat it foar de posisjonearring fan it Frysk fan belang wêze kin om ynsjoch te krijen oft en hokker mearwearde ek oanmelding fan it Frysk foar dizze ûnderdielen hat. Dy leden binne benijd oft de minister in tiidpaad jaan kin oangeande it besjen hokker foar- en neidielen it hat om it Frysk oan te melden foar diel III fan it Europeesk Hânfêst regionale talen mei ferlykbere rjochten as it Papiamintsk. Sy stelle deselde fraach oer de mooglikheid foar in planning oangeande it ynsichtlik meitsjen fan de eventuele tarieding en mooglik te setten stappen by oanmelding hjirfoar.**

By de appresaasje fan de moasje fan Van Dijk is oanjûn dat erkenning fan in taal ûnder diel III fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden bart op basis fan besteande wet- en regeljouwing. Dat der foar it Papiamintsk en it Frysk ferskillende bepalings tapast binne, is it gefolch fan ferskillen tusken besteande wet- en regeljouwing foar it Frysk yn Fryslân en foar it Papiamintsk op Bonêre.

Wol kin it sa wêze dat der sûnt de erkenning fan it Frysk op grûn fan de ferhege ambysje en foargeande bestjoersôfspraken nije wet- en regeljouwing ûntstien is dy't it tapassen fan nije bepalings mooglik makket. Oanjûn is dêrom dat der sjoen wurde sil nei de nije wet- en regeljouwing sûnt de erkenning fan it Frysk yn 1994 om te ferkennen oft it mooglik is om op basis fan dizze nije wet- en regeljouwing oanfoljende artikels ûnder it Europeesk Hânfêst ta te passen. De planning is om dizze hjerst útein te setten mei de ferkennen. De befinings dy't fuortkomme út dizze ferkennen sille uterlik ein 2024 mei de Keamer dield wurde.

### **Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis**

**7. De leden fan de VVD-fraksje lêze dat der struktureel 1,4 miljoen euro frijmakke wurdt foar it optimalisearjen fan it Fryske ûnderwiis. Sy achtsje goed Frysk ûnderwiis krúsjaal foar it ûntwikkeljen fan de Fryske taal en wolle de minister freegje oft er neier yngean kin op de besteging fan dizze middels.**

Der komme fan dit jier ôf strukturele middels fan € 1,4 miljoen frij nei oanlieding fan it amendemint fan it lid Van der Molen<sup>6</sup>. Dy ekstra middels binne foar leararen Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis. Genôch kwalifisearre persoanen mei kennis fan de Fryske taal en kultuer is fan essinsjeel belang foar it oanbieden fan folweardich Frysk ûnderwiis. Op it stuit is der sprake fan in leararetekoart wêrtroch net alle learlingen yn Fryslân de kâns krije om Frysk te learen.

Om de strukturele middels te leveren konfoarm de winsk fan de Keamer, moatte de middels mei ôfspraken útkeard wurde oan de Provinsje Fryslân. Yn 2024 binne de middels beskikber steld oan de provinsje Fryslân fia in Desintralisaasje Utkearing, lykas neamd yn de maaiesirkulêre fan it Provinsjefûns<sup>7</sup>. Hoe't de middels yn 2025 en dêrnei oan de Provinsje Fryslân útkeard wurde, wurdt noch besjoen.

Troch de kommende jierren te ynvestearjen yn leararen Frysk, krije mear learlingen de kâns om Frysk te learen. Dêrmei wurdt it fuortbestean fan de Fryske taal en kultuer boarge.

**8. Ek de leden fan de SP-fraksje binne entûsjast oer it feit dat de moasje Beckerman c.s. om it Fryske taalûnderwiis yn it basis- en fuortset ûnderwiis yn Fryslân bliuwend te stimulearjen (Keamerstik 36410-VII, nr. 99) oannommen is. Sy wolle de minister freegje nei de plannen**

<sup>6</sup> Keamerstikken II, 2022/23, 36200, nr. 60.

<sup>7</sup> Keamerstikken II, 2023/24, 36410-B, nr. 13.

## **wêryn't útfiering jûn wurdt oan dizze moasje en sa mooglik in tiidsline foar de realisearring fan dizze plannen.**

Datum

Alderearst is it wichtich om oan te jaan dat skoallen yn de provinsje Fryslân ûnderwiis yn de Fryske taal jaan moatte konfoarm de Wet op it Basisûnderwiis, de Wet op it foartset ûnderwiis 2020 en de Wet op de ekspertizesintra. De Ynspeksje fan it Underwiis sjocht ta op it ûnderwiisoanbod Frysk. Ut dy wetlike posysje wei, sjogge it Ryk en de Provinsje Fryslân it stimulearjen fan it Fryske taalûnderwiis as in trochgeande opdracht.

Us referinsje  
2024-0000423647

Lykas opnommen yn de nije Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2024-2028 wurdt de kommende perioade op it mêd fan ûnderwiis in soad yn gong setten en kontinuearre. Sa wurde de keardoelen en eintermen Frysk yn de rintiid fan de nije bestjoersôfspraak aktualisearre en komme der fan dit jier ôf strukturele middels út it Ryk wei frij foar leararen Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis. Dat binne wichtige ûntwikkelings dy't bydrage oan it stimulearjen fan it Fryske taalûnderwiis.

### *Kearndoelen en eintermen*

Sûnt 2014 hat de Provinsje Fryslân de ferantwurdlikens foar it Fryske ûnderwiis en dêrnei ek foar de keardoelen Frysk. Underwiisorganisaasje Cedin fiert yn opdracht fan de Provinsje de bystelling fan de keardoelen Frysk út. It wizigingstrajekt folget inselde proses as de lanlike kurrikulumferoaring. Dizze maitiid binne de konseptkeardoelen foar it leargebiet Fryske taal en kultuer oplevere<sup>8,9</sup>. De konseptkeardoelen Frysk lykje in soad op de konseptkeardoelen Nederlânsk, en rinne gelyk wat tiidspaad en ûntwikkeling oanbelanget. De konseptkeardoelen lizze mear de ferbining mei de Fryske kultuer, taalbewustwêzen en nije ynsichten oangeande meartaligens. De konseptkeardoelen binne ambisjeus, mar biede romte foar nivoferskillen passend by de eftergrûn fan de learling. Skoallen moatte dy keardoelen yntegraal oanbiede binnen harren ûnderwiisoanbod. Dat biedt kânsen om ta kwalitatyf goed Frysk ûnderwiis te kommen.

Op it stuit wurde de konseptkeardoelen hifke op skoallen en hjirnei wurde se fierder oanskerpe. Deputearre Steaten fan Fryslân stelle úteinlik de keardoelen fêst mei goedkarring fan de minister en dy keardoelen wurde dêrnei ferankere yn provinsjale wet- en regeljouwing. Op basis fan de definitive keardoelen wurdt nij lesmateriaal ûntwikkele. Hjir binne yn 2023 ekstra middels foar beskikber steld út it Ryk wei. Der moat noch besletten wurde wannear't skoallen mei de nije keardoelen wurkje sille, wêrûnder ek dy foar it Frysk. Dat is ôfhinklik fan de tariedingstiid dy't skoallen en skoalstipers nedich hawwe om it nije kurrikulum te ymplementearjen. Dat wurdt op it stuit ûndersocht.

Ek wurdt it konsepteksamenprogramma mei dêryn de eintermen foar it Frysk op it stuit bysteld troch SLO en nei de simmer fan 2024 oplevere. Dêrnei wurde foar de

<sup>8</sup> [https://kurrikulum.frl/wp-content/uploads/2024/02/Conceptkerndoelen-FTC\\_feb2024.pdf](https://kurrikulum.frl/wp-content/uploads/2024/02/Conceptkerndoelen-FTC_feb2024.pdf)

<sup>9</sup> [https://kurrikulum.frl/wp-content/uploads/2024/02/Toelichtingsdocument-conceptkerndoelen-FTC\\_feb24.pdf](https://kurrikulum.frl/wp-content/uploads/2024/02/Toelichtingsdocument-conceptkerndoelen-FTC_feb24.pdf)

fakken mei in sintraal eksamen, wêrûnder ek it Frysk, syllaby ûntwikkele troch it College voor Toetsen en Examens (CvTE). Dizze syllaby binne nedich foar nije eksamens. Dit kostet ien skoaljier. Parallel is SLO dwaande mei it tarieden fan de hifkingsfaze, yn gearwurking mei it CvTE en Stichting Cito, en yn ôfstimming mei yn alle gefallen de fakferienings. Yn it begjin fan skoaljier 2025-2026 kin de hifkingsfaze úteinsette. As der in soad feroaret yn de eksamenprogramma's en/of de eksamens, is der mear tiid nedich om se yn de praktyk te hifkjen. Dat ferskilt per fak en per learwei/skoalsoarte (fmbû/hafû/fwû). Per fak sil dêrfoar in ympaktanalyse makke wurde. De nije keardoelen en eintermen betsjutte in ympuls foar it Frysk ûnderwiis.

#### *Leararen Frysk*

De kommende jierren wurdt ek ynvestearre yn leararen Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis om it Frysk ûnderwiis te befoarderjen. Sjoch foar de ynfolling en besteging fan dy middels it antwurd op fraach 7.

#### **Tresoar**

**9. De leden fan de GroenLinks-PvdA-fraksje binne bliid mei it opnimmen fan ôfspraken yn de BFTK oer de finansjele stipe foar Tresoar konfoarm de moasje fan de leden Bevers en Van der Molen oer boarging fan it duorsum behâld fan Tresoar en de besteande finansjele bydrage (Keamerstik 36200-VII, nr. 133). Dizze leden freegje oft de minister de miening dielt dat der net allinnich foar de finânsjes, mar ek foar de foarm fan Tresoar in oplossing fûn wurde moat foar duorsum behâld fan de organisaasje. Sa ja, oan hokker oplossing tinkt de minister? Sa nee, wêrom net?**

**Ek de leden fan de D66-fraksje tankje de minister foar it opnimmen fan ôfspraken yn de BFTK oer de finansjele stipe foar Tresoar konfoarm de moasje fan de leden Bevers en Van der Molen oer boarging fan it duorsum behâld fan Tresoar en de besteande finansjele bydrage (Keamerstik 36200-VII, nr. 133). De leden freegje oft de minister, konfoarm de moasje, ûnderstrekke dat der net allinnich foar de finânsjes, mar ek foar de foarm fan Tresoar in oplossing fûn wurde moat foar duorsum behâld fan de organisaasje.**

De steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip (OCW) is it mei de leden fan GroenLinks-PvdA en D66 iens dat in stabile takomst fan Tresoar mear freget as allinnich finansjele stipe. It is wichtich dat Tresoar, ek nei't de minister fan OCW út de mienskiplike regeling Tresoar stapt is, in robúste organisaasje foarm hat, mei in stabyl en sa breed mooglik gearstald bestjoer dêr't alle taken dy't Tresoar ferfollet ôfdwaande yn fertsjintwurdige binne. De steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, de Provinsje Fryslân en Tresoar binne op it stuit yn petear oer hoe't dat it bêste foarmjûn wurde kin. De steatssekretaris sil jo Keamer meidertiid ynformearje oer de fuortgong fan dit petear.